

Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag : 21-34
Datum indienen vraag : 25 novimber 2021
Naam vraagsteller : Hr. D. van Oosten (CU) en hr. S.D. van der Meer (FNP)
Portefeuillehouder : Hr. M. de Haan
Ambtenaar : Hr. E de Boer
Datum akkoord college :
Zaaknummer :

Underwerp

Parkearproblematyk oan de Van Harinxmastrjitte te Koatstertille

Op 25 novimber ha de CU- en FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer de parkearproblematyk oan de Van Harinxmastrjitte te Koatstertille. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding

Al in hiel skoft jouwe de bewenners fan de Van Harinxmastrjitte te Koatstertille oan lêst te hawwen fan parkearde auto's bûten de parkearfakken oan de kant van de strjitte. De oerlêst ûntstiet benammen by aktiviteiten yn it Tsjerkelik sintrum yn de jûn. Besikers parkeare harren auto oan de kant fan de wei en net yn de dêrfoar bestimde parkearfakken hearrend by it gebou of op de parkearplakken fan it winkelsintrum ticht by it gebou. De strjitte wurdt dêrmei ûnoersichtlik. Mei as gefolch gefaarlike ferkearsitewaasjes. Fierder is it in hinderlik probleem dat de bewenners harren eigen auto net kwynt kinne op de dêrfoar bestimde parkearfakken.

De CU Achtkarspelen en de FNP Achtkarspelen hawwe dêrom de neikommende fragen oan it kolleezje:

1. Is it kolleezje bekend mei de parkearproblematyk oan de Van Harinxmastrjitte?
2. Sa ja, wat hat it kolleezje oant no ta dien om it probleem op te lossen?
3. Is it kolleezje mei ús fan betinken dat it parkearprobleem hoe dan ek om in oplossing freget?
4. Soe it net in goede saak wêze om oan de kant fan de wei in parkearferbod yn te stellen om sadwaande it parkeargedrach te stjoeren nei de foar it Tsjerklik Sintrum bestimde parkearfakken?
5. Is het kolleezje ree om yn petear te gean mei de omwenjenden en harren te belûken by it finen fan in oplossing?
6. Op hokker termyn tinkt it kolleezje ien en oar te realisearjen?

Reaksje kolleezje

1. Nee. Yn de ôfrûne 4 jier is der 1 melding binnenkommen oer parkearoerlêst tidens eveneminten op de Van Harinxmastrjitte.
2. It parkearterrein by it winkelsintrum is flakby en kin by eveneminten goed brûkt wurde. Dêrneist is der it foarnimmen om it parkearterrein by de tsjerke te fernijen nei't de wenningbou klear is. Mooglik kinne der ekstra parkearplakken realisearre wurde.

Ried :
Punt :
Side : 2

3. Sjoch antwurd fraach 2. Dêr komt noch by dat de gemeenteried gjin budzjet mear beskikber stelt foar it realisearjen fan nije parkearplakken, dat kin dus allinnich kombinearre wurde mei ûnderhâldswurksumheden.
4. It kolleezje sil mei it Tsjerklik Sintrum yn oerlis om nei de mooglikheden te sjen.
5. It kolleezje kin de omwenners dêrby belûke.
6. Fanwegen de corona omstannichheden is it net mooglik om de omwenners fysyk út te noegjen. It kolleezje wol de termyn dêrom op it 2^e fearnsjier fan 2022 sette.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris,

boargemaster,

hr. mr. M.P. de Jong

hr. mr. O.F. Brouwer